

PARSEBERJOCHT

24 febrewaris 2020

Leafde foar liuwen – fan Aleppo oant Nijeberkeap

Uthongere en mei de dea yn de eagen wurde twa jonge tigers út in bombardearre pretpark yn Aleppo helle. Nei in lange reis kinne se bykomme by Felida yn Nijeberkeap. Ek twa ferstjitten liuwewelpen út in suterige bistetún yn Bulgarije krije dêr in thú. De Fryslân DOK ‘Leafde foar liuwen – fan Aleppo oant Nijeberkeap’ jout in blik tusken de traaljes troch fan opfangsintrum Felida.

Yn 1992 waard it sintrum oprjochte troch Arno van der Valk. Yntusken is it oernommen troch de stichting Viervoeters en wol Felida in ‘special care’ sintrum wurde foar liuwen, tigers en oare katachtigen. De meiwurkers besykje de traumatisearre rôfdieren wer sa goed by sûp en stút te bringen, dat se útsetten wurde kinne yn in reservaat yn Afrika. En as dat net slagget, bliuwe se by Felida.

Programmamakker Timo Brinkman folget foar Fryslân DOK fersoarger Juno van Zon dy’t, soms mei gefaar foar eigen libben, yn it bûtenlân bisten rêdt. Yntusken docht lokaasjemanager Simone Schuls alle war om yn Nijeberkeap in nije opfang te realisearjen mei bettere fasiliteiten. Wat driuwt harren yn ‘e leafde foar dizze - net altyd like leave - liuwen?

Fryslân DOK: ‘Leafde foar liuwen – fan Aleppo oant Nijeberkeap’

29 febrewaris, 15.30 oere, NPO2 (mei Nederlânske ûndertiteling, werhelling snein 13.10)

1 maart, 17.00 oere, Omrop Fryslân (werhelling alle oeren)

Noat foar de redaksje:

Boarnefermelding ôfbyldingen:

Juno van Zon: Omrop Fryslân

Programmamakker Timo Brinkman: Viervoeters – Jeanine Noordermeer

Terez en Masoud: Omrop Fryslân

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

PERSBERICHT

24 februari 2020

Liefde voor leeuwen – van Aleppo tot Nijeberkoop

Uitgehongerd en met de dood in de ogen worden twee jonge tijgers uit een gebombardeerd pretpark in Aleppo gehaald. Na een lange reis kunnen ze bijkomen bij Felida in Nijeberkoop. Ook twee verstoten leeuwenwelpen uit een verwaarloosde dierentuin in Bulgarije krijgen er een thuis. De Fryslân DOK ‘Liefde voor leeuwen – van Aleppo tot Nijeberkoop’ geeft een blik tussen de tralies door van opvangcentrum Felida.

In 1992 werd het centrum opgericht door Arno van der Valk. Inmiddels is het overgenomen door de stichting Viervoeters en wil Felida een ‘special care’ centrum worden voor leeuwen, tijgers en andere katachtigen. De medewerkers proberen de getraumatiseerde roofdieren weer zo gezond te maken, dat ze uitgezet kunnen worden in een reservaat in Afrika. En als dat niet lukt, blijven ze bij Felida.

Programmamaker Timo Brinkman volgt voor Fryslân DOK verzorger Juno van Zon die, soms met gevaar voor eigen leven, in het buitenland dieren redt. Intussen probeert locatiemanager Simone Schuls in Nijeberkoop een nieuwe opvang te realiseren met betere faciliteiten. Wat drijft hen in de liefde voor deze - niet altijd even lieve - leeuwen?

Fryslân DOK: ‘Liefde voor leeuwen – van Aleppo tot Nijeberkoop’

29 februari, 15.30 uur, NPO2 (met Nederlandse ondertiteling, herhaling zondag 13.10 uur)

1 maart, 17.00 uur, Omrop Fryslân (herhaling ieder uur)

Noot voor de redactie:

Bronvermelding afbeeldingen:

Juno van Zon: Omrop Fryslân

Programmamaker Timo Brinkman: Viervoeters – Jeanine Noordermeer

Terez en Masoud: Omrop Fryslân

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.